FERIENING FRYSK UNDERWIIS

Skriuwerskip:
Drs. S.T. Hiemstra
G. Sondermanstrjitte 29
9203 PT DRACHTEN

Ljouwert, 21-09-2005

Foar:
Steatekommisje *Boarger en Mienskip*; wurklist punt 5: *Frysk yn it ûnderwiis*

Ynsprekker: Tom Dykstra, foarsitter *Feriening Frysk Underwiis (FFU)*

Foarsitter, achte steateleden,

It muoit ús dat der sa'n strideraasje is tusken de minsken, dy't it goed mei it Frysk yn it ûnderwiis miene. It docht de saak gjin goed en dêrom op dit plak noch in stikmannich opmerkings om in pear *misferstannen* rjocht te setten. It slút oan by wat earder yn *Swingel* publisearre is. En fan 'e wike hawwe wy jimme boppedat ús stânpunt as *Feriening Frysk Underwiis* digitaal takomme litten.

Foarsitter,
it *earste* misferstân is, dat de '**Wurkgroep Frysk'** de yn de publikaasje '*Herziening Doelstellingen Fries in het primair onderwijs'* opnommen kearndoelen ûntwikkele hawwe soe. Lykas jimme witte, bin ik lid fan dy kommisje. Op 14 maaie 2003 haw ik mei oare leden op in byienkomst fan de *Stichting Leerplanontwikkeling* fûle krityk levere op harren konsept foar de kearndoelen Frysk, omdat de *lykweardigens* fan it Frysk yn ús twatalige situaasje ûnderút helle waard en ûnderwiis yn it Frysk dêrmei op termyn ta folkloare drige te wurden. Oer wat yn it *Hânfest* stie, waard net praat. Hoewol't ik meiferantwurdlik en dus oansprekber bin op de ynhâld fan de tekst fan it stik '*Herziening Doelstellingen Fries in het primair onderwijs*', jildt dat nèt foar it opnommen útstel foar de *kearndoelen*. Se binne net yn de kommisje ûntwikkele.

Foarsitter,
it *twadde* misferstân is de *ynterpretaasje* fan wat kearndoelen binne. Der binne twa ynterpretaasjes, ntl.:
a. ferplichtings foar it *oanbod* fan de skoallen en
b. *easken* oan learlingen te stellen.

Benammen de minsken dy't sizze dat de kearndoelen *net te heljen* binne en dat se net *realistysk* binne, brûke dy twadde ynterpretaasje. Lang hat it ek ûndúdlik west hokfoar ynterpretaasje oft jildich wie. Dochs is dat foar de kommende kearndoelen helder: it binne gjin easken oan learlingen, mar doelen dy't de skoalle neist de eigen doelen oanbiede moat. De skoalle is frij om dêr in ferantwurde ynfolling oan te jaan. Kearndoelen binne dus nei te stribjen doelen en hawwe û.o. in *emansipatoaryske* funksje.

In sitaat, foarsitter, út de neamde SLO-publikaasje: *'Kerndoelen zijn streefdoelen. Geen eisen aan leerlingen. Het zijn eisen aan leraren om kinderen in elk geval dat aan te bieden wat in de kerndoelen staat beschreven.'* [oant safier it sitaat]

Wat is dêr no it belang fan? Itselde as foar alle oare fakken, nammentlik dat elk bern leare kin en mei wat er oan kin. In Frysktalich bern op in basisskoalle yn Ljouwert leart de eigen taal ek te *skriuwen* (Frysk prate docht it ommers al), wylst by in bern fan allochtoane ôfkomst it *ferstean* en *lêzen* mear klam kriget. Skoallen moatte net roppe dat se de kearndoelen net helje kinne, mar se moatte ûnderwiis oanbiede mei *didaktyske differinsjaasje*. Der wurdt fierstente folle klassikaal tocht. De wurkgroep Frysk hat foar in mear differinsjearre oanpak in goede oanset jûn en de nije taalmetoade giet dan ek út fan fjouwer nivo's, gaadlik foar alle kategoryen bern yn de groep.

Foarsitter,
it *tredde* misferstân dûkte ferline wike wer op yn de parse. Sitaat: *´In skoalle op in poerfrysk greidedoarp moat in swierder program krije as in skoalle yn Ljouwert, dêr't de fan hûs út Frysktalige bern yn de minderheid binne.'* [oant safier de oanhaal]

Foarsitter,
sok tinken giet út fan *homogene* taalsituaasjes, mar ek de doarpen wurde hieltyd mingdtaliger. En Frysktalige bern yn Ljouwert moatte likegoed folslein twatalich wurde kinne, dus ek *skriftlik.* En binne dy *net-Frysktalige bern* yn Ljouwert no sa dom, dat se, by in goed oanbod fan de skoalle, gjin Frysk leare kinne? It earste is al dat se *respekt* leare te krijen foar oarstaligen, yn dit gefal foar Frysktaligen, sadat it Frysk as omgongstaal funksjonearje kin. It probleem leit net by de bern, mar by de oanpak fan de skoalle. De tsjinstelling doarp - stêd is net botte realistysk.

Foarsitter,
omdat de Frysktalige bern op hieltyd jongere leeftyd mei it Hollânsk konfrontearre wurde, kriget de memmetaal langer hast gjin kâns mear om him goed te ûntwikkeljen. Soks is slim en de skoalle hat lang bûten spul stean kinnen. Rûzje meitsje oer it nivo fan de kearndoelen is Fryslân op syn smelst en 'gefundenes Fressen' foar de tsjinstanners fan it Frysk. Wy kenne allegear de spreuk: 'Verdeel en heers'.

Oer alle boegen is der mar ien goede beslissing te nimmen, dy't rjocht docht oan de bern en oan de takomst fan it Frysk: De *spegeling* fan de kearndoelen Frysk oan dy foar it Hollânsk oerein hâlde. It giet om in folsleine twataligens mei in dúdlike didaktyske differinsjaasje op basis fan *lykweardigens* en *lykberjochtiging* yn in emansipaasjeproses.

Den Haach beslist oer de kearndoelen en hat gjin antenne foar it Frysk. Provinsjale Steaten moatte de Fryske befolking in stim jaan.

Tankewol.